De haadklasse manlju yn 2007

Twa grutte keatspartijen út 2007 sille de taskôgers lang heuge. De iene is de PC, want wa hie tinke kinnen dat dy keatsdei sa 'n sensasjonele finale krije soe. De oare is de Aldehou, want wa hie der ek mar in tel by stilstien dat de kar foar de koaning sa nuver útpakke soe.

De Aldehou

It soe sa moai wurde, dy sechstjinde septimber. It bêste partoer wûn. Dat partoer bestie út de winner fan it jierklassemint, Rutmer van der Meer (de punten fan de Aldehou hie er net mear nedich), en de keatser dy 't in talint is, mar dit jier fierstentemin wûn, Marten Feenstra. En dan noch de keatser dy 't op wilskrêft in tal fan jierren yn de haadklasse meidien hie, sels de PC wûn en altyd fol fjoer wie: Pieter Scharringa. Dy Pieter keatste dizze middei syn lêste partij yn de haadklasse. Der hie net better lotte wurde kinnen en der hie net in better winnend partoer komme kinnen. Fansels dienen Sibbele Lootsma, Jacob Wassenaar en Gert Jan Meekma harren bêst, mar op 5 – 1 en 6 – 2 makke Rutmer de partij mei in sitbal út. Foar it publyk wie it gjin echte finale, mar sa is keatsen. En doe moasten de keatsers mei de sjerp om it liif nei de bestjoerstinte. Foar it publyk wie dúdlik wa't de koaning wurde soe. Marten hie de hiele dei as in liuw keatst; hy woe it seizoen goedmeitsje. Mar doe de kar fan de koaningskommisje: Pieter Scharringa. Pieter, dy 't dizze klassiker noch nea wûn hie, waard koaning! In nuvere beslissing en in smet op de dei. Sa 'n arbitrêr ôfskied hienen Pieter, syn maten én it publyk net fertsjinne.



Pieter Scharringa op syn ôfskiedswedstriid (Aldehoupartij, 16 septimber 2007). Foto: Antje Kuipers.

De frijeformaasjepartoeren

Elk jier binne der partoeren dy 't op de frijeformaasjepartijen de measte prizen winne en elk jier binne der ek partoeren dy 't foar spek en brea meidogge. Rutmer van der Meer, Jacob Wassenaar en Chris Wassenaar wûnen yn 2007 as frijeformaasjepartoer it meast. Se hellen earste prizen yn St. Jabik, Ljouwert (Rengersdei), Minnertsgea, Arum, Harns, Wytmarsum, Menaam en Peinjum; twadde prizen op It Hearrenfean en yn Marsum en in tredde priis yn Frjentsjer. Foar it klassemint wienen dat 29 punten. De twadde helte fan it seizoen wie it súksesfolst: yn de earste helte hie Chris in krupsje (dêr't er op wonderbaarlike wize troch de Flaamske genêzer Yves van Assche fan ôf holpen waard) en keatste Rutmer van der Meer net alle partijen (dy't by deselde dokter baat fûn!).

Op it twadde plak, mei 28 punten, kamen Klaas Berkepas, Pieter Scharringa en Daniël Iseger, mei earste prizen yn Frjentsjer, Doanjum, It Hearrenfean en Kimswert; twadde prizen yn St. Anne, Stiens, Huzum, Seisbierrum, Arum, Frjentsjer (PC), Menaam en tredde prizen yn Berltsum en Boalsert. Dat partoer hat it hiele jier yn dy formaasje keatst.

Tredde waarden, mei 25 punten, Johan van der Meulen en Taeke Triemstra. Se keatsten mei Auke van der Graaf oant 4 augustus en hellen earste prizen yn Jorwert, St. Anne, Huzum, Seisbierrum en Frjentsjer (PC); in twadde priis yn St. Jabik en tredde prizen yn Doanjum, Dronryp en Arum. Mei Herman Sprik waard it fanôf 4 augustus in earste priis yn Bitgum en tredde prizen yn Harns en Peinjum.

It partoer dat yn 'e midden einige, wie dat fan Jochum Bouma, Jan Willem van Beem en Douwe Groenendijk. Se hellen 16 punten, mei earste prizen yn Dronryp, Boalsert en Marsum; twadde prizen te Frjentsjer, Doanjum en Wytmarsum en in tredde priis yn Menaam. Dat partoer hat it it hiele jier mei-inoar folhâlden. Ek doe 't it minder gong!

En dan bedarje wy yn de ûnderein. Frjemd genôch ha wy dêr noch wol te krijen mei twa partoeren dy 't by de wyklikse seleksje hearden. Simon Minnesma en Folkert van der Wei kamen op tsien punten; mei Tjitte Bonnema waard it oant 4 augustus twadde prizen te Jorwert en Boalsert en tredde prizen te Stiens en Huzum en fanôf 4 augustus mei Auke van der Graaf twadde prizen te Bitgum en Peinjum. Healwei it seizoen kaam ûnder lieding fan Simon Minnesma de grutte ynwikselsoap: earst Tjitte Bonnema tsjin Herman Sprik, mar doe't Herman syn kânsen by Johan van der Meulen en Taeke Triemstra heger ynskatte, gie er dêrhinne en kaam Auke van

Rutmer van der Meer (Aldehoupartij, 16 septimber 2007). Foto: Antje Kuipers.

der Graaf ‘moai’ frij foar Simon en Folkert.

It oare selektearre partoer wie dat fan Sibbele Lootsma, Hylke Bruinsma en Marten Feenstra. Se kamen net fierder as seis punten, mei yn Stiens in earste, yn Berltsum in twadde en yn Marsum in tredde priis.

It jierklassemint

Keatsen is in teamsport mei in grutte yndividuele ynbring. In keatser mei graach sizze dat ‘hy’ dy en dy party wûn hat. Dêrnei komt dan meastal noch wol wa ’t de maten wiene. Om ’t de yndividuele ynbring fan grut belang is, wurdt der jierliks in klassemint opmakke. Foar de winner dêrfan stelt de *Leeuwarder Courant* al jierren in priis beskikber. Mar net allinne it jierklassemint spilet in rol, ek it klassemint fan alle tiden. Dêr is it jierklassemint dan wer fan ynfloed op.

Yn 2007 jier ha wy mei in knik yn de systematyk te meitsjen krigen, want by achtpartoerswedstriden binne der fan dat jier ôf noch mar in earste en in twadde priis, wylst der oant en mei 2006 ek noch twa tredde prizen bestienen. Dat hat ta gefolch, dat keatsers op partijen mei acht partoer minder punten helje kinne as eartiids en klasseminten net hielendal fergelykber binne. Yn 2007 binne der trettjin útnoegingspartijen en trije frijeformaasjepartijen mei acht partoer ferkeatst. Mei allinne in earste en twadde priis binne der dus 16 x (3 + 3) = 96 punten minder te ferparten.
Rutmer van der Meer is klassemintswinner wurden mei 48 punten; de earste tsien yn it klassemint hellen 378 punten. Yn 2006 waard Taeke Triemstra klassemintswinner mei 55 punten; de earste tsien yn it klassemint hienen doe 413 punten. En yn 2005 stie Chris Wassenaar boppe-oan yn it klassemint mei mar leafst 80 punten en hienen de earste tsien 432 punten.

De punten foar it jierklassemint (en dus ek it klassemint fan alle tiden) wurde net allinne op de frijeformaasjewedstriden, mar ek op de ôfdielingswedstriden en de útnoegingspartijen fertsjinne. Ek op dy partijen hat Rutmer van der Meer it goed dien. Op de útnoegingspartijen helle er sechstjin punten (en hy wie dêrmei de heechste). De ôfdielingswedstriid yn Tsjummearum waard troch St. Jabik wûn, mei neffens de *Leeuwarder Courant* in yn de finale tsjin Berltsum ‘perfect kaatsende Rutmer van der Meer’. It winnen fan it klassemint troch Rutmer van der Meer yn 2007 is dan ek dûbel en dwers fertsjinne.

PC

De rêding fan de 154-ste PC wie de finale. Johan van der Meulen, Auke van der Graaf en Taeke Triemstra fersloegen op 1 augustus op bjusterbaarlike wize Klaas Berkepas, Pieter Scharringa en Daniël Iseger. Op 5-5 en 6-6 joech Johan der Meulen op de lytse keats in bal dy ‘t min te slaan wie, mar dêr’t Daniël him ek op ferseach. Johan waard koaning.
It ferrin fan de finale is bysûnder. It partoer fan Auke van der Graaf komt mei 4 – 0 foar. De seisgeliken rôlje allegearre dy kant oer. Mei dy 4 – 0 hat it publyk it gefoel dat it foarby is en guon meitsje harren al klear om fuort te gean. Dan wurdt it yn punten 4 – 0, mar troch trije bûtenslaggen fan Johan van der Meulen wurdt it 4 – 6 en krije Berkepas c.s. kâns op in earst. Mar Pieter Scharringa, dy ’t, om ’t er foaryn gjin grip op de ballen hat, achteryn stiet, slacht de bal kwea en it is 6 – 6. Johan van der Meulen mist lykwols op ‘e nij it perk en it wurdt 4 – 1. It publyk giet der nochris foar sitten; wurdt it dan dochs noch wat? Johan van der Meulen rekket fan slach en Pieter Scharringa komt der better yn.
It sechsde earst is op ‘e nij tige spannend. It wurdt foar de fyfde kear 6 – 6, mar op in keats fan Auke van der Graaf slacht Johan van der Meulen de bal meters foar. It is no 4 – 2. It sande earst en wer 6 – 6. Taeke Triemstra slacht op in rare bal de keats foarby: 5 - 2. Mar Berkepas c.s. binne der noch net ôf, want it achtste, it njoggende en it tsiende earst binne foar harren. Iseger hellet it achtste mei in boppeslach. Yn it njoggende rekket Pieter Scharringa op slach, sadat der twa boppe geane en Iseger pakt it earst troch de bal werom te slaan. It tsiende earst snipt Berkepas troch de bal fûleindich op te slaan. Auke slacht him kwea. En dan komt de klimaks!
Auke van der Graaf en Taeke Triemstra begjinne mei in boppeslach: 4 - 0. Der folget in sitbal fan Daniël Iseger 4 - 2. De PC-koaning fan 2006 (Triemstra) slacht dêrnei de bal boppe en de ein komt yn sicht. Op 6 - 2 wurdt in keats lein; Pieter Scharringa boppe: 6 - 4. Op ‘e nij in keats! De partij is noch net beslikke.

Gert-Anne van der Bos, hjir yn aksje op de Hotse Schuil partij yn Harns 4 july 2005. Hy soe dizze partij winne mei Chris Wassenaar (K) en Jan-Willem van Beem. Yn de finale kaam alles oan de hang. Foto: Gert Gort.

Van der Graaf en Triemstra nei it perk. Triemstra kriget de bal fan Berkepas en dy liket boppe te gean, mar giet kwea. Alles oan de hang!
Klaas Berkepas oan de opslach; de bal komt by Auke van der Graaf. Dy feecht him nei de boppe, mar op fabeleftige manier slacht Daniël Iseger de bal werom. Der bliuwt in keats fan sa 'n tsien meter oer. Van der Meulen c.s. oerlizze by de boppe. Van der Graaf en Triemstra geane beide nei foaren. Johan sil opslaan. Iseger en Scharringa binne der yn it perk klear foar. Ien en al konsintraasje! Dan de oanrin fan Van der Meulen - syn opslach. It liket dat de bal bûten giet. De draaibal giet oer foarynse Pieter Scharringa hinne en sakket fuortendaliks nei ûnderen. Daniël tinkt dat er bûten falt en lit him gean, mar de bal falt inkele sintimeters binnen de line. Eufoary en teloarstelling!

De PC op himsels wie earmoede. Yn de earste omloop waarden wol earsten makke, mar it keatsen wie min. Ien kear 5 – 1, twa kear 5 – 2, trije kear 5 – 3 en twa kear 5 – 4. In better partoer, Jochum Bouma,

Daniel Iseger yn uterste konsintraasje foar de lêste slach op de PC 2007. Op de efiergrûn de tillegraaf mei 'alles oan de hang'. Foto: Gert Gort.

Jan Willem van Beem en Douwe Groenendijk, gie der fuortendaliks ôf tsjin in oar better partoer: Rutmer van der Meer, Jacob Wassenaar en Chris Wassenaar. Op de twadde list kamen fiif op it each minder sterke partoeren.
Op dy list waarden wol wer earsten makke. Ien kear 5 – 3, ien kear 5 – 4 en twa kear 5 – 5. Likegoed wie der mar ien partij dy 't besjen lije koe: dy fan Rutmer van der Meer c.s. tsjin Johan van der Meulen c.s. mei 5 – 5 en 4 – 6.
Yn de tredde omloop waard it tusken Wilco Rinia, Karel Nijman, Gert Jan Meekma en Johan van der Meulen c.s. 4 – 5 en 0 – 6. De partij tusken Klaas Berkepas c.s. en Feite de Haan, René Anema en Willem Rienks einige yn 5 – 1 en 6 – 0. Foar Feite c.s. likegoed in moai súkses, mar foar it keatsen drôvich.

Gert-Anne van der Bos

Oer alle keatsers falt wol wat te sizzen, mar ik wol my beheine ta Gert-Anne van der Bos, 'in 17-jierrich talint út Hallum', sa 't oan it begjin fan it keatsseizoen yn 'e *Leeuwarder Courant* stie. Yn Jorwert die er foar Rutmer van der Meer mei. It waard noch gjin priis, mar dy soe der al ridlikgau komme. De útnoegingspartij op 4 july te Harns (de Hotze Schuil-partij) waard it mei Jan Willem van Beem en Chris Wassenaar de priis. Syn earste!
Doe folge Minnertsgea. Op de frijeformaasjepartij mei Herman Sprik en Arie den Breejen ferlear er fan Rutmer van der Meer, Jacob Wassenaar en Chris Wassenaar. De gloarje kaam op de útnoegingspartij yn Ternaard op 18 augustus. Gert-Anne waard koaning en wûn mei Jacob Wassenaar en Marten Feenstra. In dei letter wie it op de frijeformaasje te Kimswert wer 'rekke'. Yn de finale keatste it earsteklaspartoer Gert-Anne van der Bos, Lennart Adema en Willem Rienks tsjin Klaas Berkepas, Pieter Scharringa en Daniël Iseger. De lêsten wûnen, mar it wie dreech. Berkepas c.s. rekken mei 5 – 2 foar, mar Van der Bos c.s. lieten it der net by sitte en kamen nei twa kear 6 – 6 op 5 – 4. Mar doe kaam de ein: op 5 – 4 en 6 – 2 miste opslagger Gert-Anne van der Bos it perk.

Op de Bigumer keatsdagen liet Gert-Anne op 'e nij fan him hearre. Op de frijeformaasjepartij kaam er mei Lennart Adema en Willem Rienks yn de heale finale. Se ferlearen fan Simon Minnesma, Auke van der Graaf en Folkert van der Wei. Yn Moarra-Ljussens wie it noch ien kear bingo: de earste priis en no mei Jan-Willem van Beem en Taeke Triemstra. Ik kin my yntinke dat Gert-Anne útsjocht nei it nije keatsseizoen!

De taskôgers

Wurde de haadklassepartijen foar de keatsers of foar de taskôgers organisearre? Yn guon gefallen, en benammen by de partijen dy 't sneons ferkeatst wurde, krije jo it gefoel dat der mear keatsers, karmasters, telegrafisten, keatsoanmerkers, bestjoerders en skiedsrjochters as taskôgers binne. Sokke partijen kostje jild of der moat in goede sponsor wêze. Mar ek op de sneinspartijen nimt it publyk de lêste jierren elk jier wol wat ôf. En ûnder de minsken dy 't der komme, binne nochal wat grize koppen. De jongeren komme faak net, mar dat is net sa frjemd: der wurde yn in wykein nochal wat KNKB-, federaasje, lede- en ferdivedaasjepartijen organisearre en dêr dogge dan leafhawwers oan mei dy 't net op de haadklasse komme. Mar ek de 'marketing' foar de kaartferkeap kin better. It is foar my mar min te begripen dat der net yn 'e mande mei de PC in jierkaart tsjin in fêste priis mei it rjocht fan tagong op alle partijen, dus ynklusyf de PC, ferkocht wurdt. Sa 'n kaart soe in kadootsje of relaasjegeskink wurde kinne. En as de PC dan perfoarst net meidwaan wol, is dat dochs wat foar de KNKB om te organisearjen!
Mar om publyk te lûken, moat der op in keatsfjild ek wat barre. Fêste tiden, in strakkere organisaasje, in net te hege yntreepriis, minder leven út de biertinte wei. Der wurde oeral wurkgroepen foar yn it libben roppen. Nei myn idee is it in goede saak om in taskôgerswurkgroep op te rjochtsjen. Dat is miskien wat foar it nije keatsjier.

Jan Hiemstra